

Better earm
mei eare as ryk
mei skande

Op 'e Skille

Ferskynt hûs oan hûs yn 'e Greidhoeke



Schijfremmen

Uitvinding van monteur autobedrijf Wielinga in Wommels verrast Snoek-liefhebbers

pagina 3>



Sechstich jier

Echtpearen út Hilaard, Wommels en Reahûs fiere diamanten houliksfeest

pagina 13>



Boerderijbewijs

Leerlingen van hoogste klassen basisscholen maken kennis met leven op de boerderij

pagina 15>

Efkes útrêste op Rustpunt Hilaard



Renske Miedema: 'Wy fine it moai om minsken te moetsjen.'

Hilaard – Op 1 april binne der yn Fryslân tritich Rustpunten of-fisjeel iepene. Fytsers en ridders kinne der efkes oanstekke. Ien fan de Rustpunten is by de famylje Miedema yn Hilaard.

Stichting Rustpunt is yn 2005 yn Salland (Oerisel) begûn mei dizze leechdrompelige foarsjenningen. De Rustpunten lizze yn bûtengebieten by partikulieren oan fyts- en kuierrûten. Renske en Rinse Miedema fan de Hoptilsterdyk hiene op de Veluwe ôfrûne jierren al gebrûk makke fan de Rustpunten.

„Moarnsbetiid as je te fytsen of te rinnen geane is der neat iepen. As je nei it húske moatte hawwe jo in probleem. Wy hiene dy Rustpunten op de Veluwe sjoen en gebrûk fan makke en fûnen dat soks ek yn Fryslân fan de grûn komme moast”, sa fertelt Renske. Oan de dyk stiet it boerd Rust, stiet der 'Open' boppe, dan kinne ridders en fytsers by de Miedema's te plak. Rinse hat efteryn de garaazje en moai húske makke. Dêrneist in oanrjocht mei plak foar in Senseo-apparaat en in wettersieder. Fierders stiet der in koelboks mei drinken. Tsjin in lytse fergoeding

kin der gebrûk fan makke wurde. Bûten stiet in picknicktafel mei útsicht oer de Romme greiden. „Wy fine it moai om minsken te moetsjen en om te lústerjen nei harren ferhalen”, fertelt Renske. Yn de Greidhoeke binne ek yn Lollum en Hitsum Rustpunten te finen. De Rustpunten komme op de nije Knooppunt-fytskaarten te stean.

Lytse Doarpen Rintocht

De famylje Miedema organisearret, alwer foar de tolfde kear, de Lytse Doarpen Rintocht. Op 22 april is de start yn Doarpsûs Us Gebou yn Spannum. De dielnimmers oan de 40 kilometer kinne om 8.15 oere los, de 25 kilometer start om 8.30 oere. Sa'n 550 ridders hawwe harren al foar de tocht oanmelden. By de start kin ek noch in kaart kocht wurde.

Sa mál as it foarich jier gie by de tocht yn Itens hoopje de Miedema's eins net wer. Der wiene doe mar leafst 1800 dielnimmers. De drokte hie te krijen mei de Slachtemaraton. De Lytse Doarpen Rintocht wie in moaie training.

Doarpsbelang Spannum hat tritich frijwilligers klear stean om de tocht yn goeie banen te liden. Der is wer in moaie tocht útsetten. De tocht giet fia Littens, Baard, Húns nei Op Hatsum, Keimptille en fia Wjelsryp en Bonkwerd werom nei Spannum. De 40 kilometer moat dan noch in lus meitsje oer Tsjom en Tritsum, dêr geane de ridders troch de soarchbuorkerij. De kljinten meie de stimpels op de startkaarten sette. Op de finish leit foar alle dielnimmers wer de moaie medalje mei de toer fan it startdoarp klear.

Slachte 2018 is der ien foar echte trochsetters

Kúbaard - De Slachtemaraton 2018 is der ien foar trochsetters, foar de echte 'diehards'. De tocht giet oer 84 kilometer en dêr ha de dielnimmers twa dagen de tiid foar. Op 31 augustus is de start yn Raerd en in dei letter is de finish yn Easterbierrum. De tocht giet dizze kear net oer de slachte, mar troch 22 doarpen.

Op de helte fan de tocht binne der fiif sliepdoarpen: Easterein, Wommels, Kúbaard, Tritsum en Tsjom. „It is allegearre oars as oars”, sa sei foarsitter foarsitter Anne Jochum de Vries fan de organisaasje freedtemidde yn Kúbaard by de presintaasje fan de plannen. It tema fan de Slachtemaraton fan takom jier, dy't yn it ramt fan Kulturele Haadstêd 2018 plakfint, is thús. De kuiertocht komt by de minsken thús, yn de doarpen. „We litte de dyk los en tille de

doarpenop”, stelde De Vries. „Sliepen bliuwe yn ien fan de doarpen is net in ferplichting, mar wy sille de minsken wol ferliede om te bliuwen”, joech de foarsitter oan. Oeral kin sliepe wurde: op spesjale campings, yn de sporthal, by de minsken thús. De sliepdoarpen sille feroarje yn festivaldoarpen, dêr't fan alles te belibjen falt. „It wurdt in stevig programma fol ambysje en kwaliteit.” It is allinne in tocht foar ridders. De hurddravers komme net yn aksje. Dy moatte wachtsje oant juny 2020, as de reguliere edysje fan de Slachtemaraton op it programma stiet. Minsken kinne harren ek net foar ien dei opjaan, se moatte dy twa kear 42 kilometer ôflizze om de tocht te folbringen. De organisaasje hat de limyt stelt op 10.000 dielnimmers. Foar de freonen giet de ynskriuwing op 23 septimber fan dit jier fan start, in wike letter begjint de frije ynskriuwing.

Jongerein Iepenloftspul speelt 't Beest in Jorwert

Jorwert - Na een succesreeks met de iepenloftspullen 756, Ro & Jula en Faam presenteert het Jorwerter Jongerein Iepenloftspul van stichting 'Yn Waar en Wyn' komend voorjaar het stuk 't Beest. De première is op 25 mei.

't Beest is gebaseerd op het bekende sprookje Belle & het Beest. Plaats van handeling is het roemruchte Jorwerter-studentendispuut "infernicus". Het wapenschild voor dit dispuut is speciaal ontworpen voor

deze voorstelling en is samengesteld uit alle wapenschilden, die samen de dorpen vertegenwoordigen waar onze spelers vandaan komen. Brendan Besseling ('t Beest) heeft een jaar de tijd om zijn leven te beteren en zo de vreselijke vloek die op hem rust ongedaan te maken. Dit lijkt een onmogelijke opdracht. Dan ontmoet hij Brechje Graevenhof. Meer informatie is te vinden op www.ynwaarenwyn.nl

Al 20 jaar uw
haar onze zorg

It Kappershûs

www.kappershuis.nl

Tel: 0515 - 413372

ALLICHT

- Verlichting
- Lichtadvies
- Onderdelen
- Elektronica

www.allichtverlichting.nl
www.allichtelektro.nl

Oudkerkhof 6 - 8601 EE - Sneek

SLAAP 10 DAAGSE

WWW.SLAAP10DAAGSE.NL

VAN DER VELDE

SLAAPCOMFORT | MODE | TEXTIEL

TSJERKEBUORREN 16, 8831 XH WINSUM (FRL), TEL. 0517 341 268
WWW.UWSLAAPSPECIAALIST.NL | PARKEREN VOOR DE DEUR | VRUIDAG KOOPVOND

Dat is lekker!

We hebben een
nieuwe menukaart!

Noflik Easterein
Sibadawei 2, 8734 HE Easterein
T: 0515 331 290

www.noflikeasterein.nl

Van Ruiten

Timmer- & Aannemersbedrijf

OOK STALLING MOGELIJK

INFO@AANNEMERVANRUITEN.NL • 06 - 24 629 763 • WOMMELS

28 MEI 2017

GRIEDHOEKEKUIERTOCHT
5 KM. 15 KM. 25KM.

KOM NEI WOMMELS

JAARMARKT
11.00 U - 18.00 U

opgave en info
WWW.KOMNEIWOMMELS.NL

18 t/m 22 april
Voorverkoop
Abonnementen en leskaarten

22 april
Seizoensopening

GRATIS ZWEMMEN

zwembad de klomp

LYTSE DOARPEN

Rintocht
25 / 40 km

Zaterdag 22-04-2017 in SPANNUM
www.lytsedoarpenrintocht.nl